



2022-206261

MOASJE

Art. 49 RfO

Moasje oer in net op de agenda opnaam ûnderwerp

De ried fan de gemeente Noardeast-Fryslân yn gearkomste byinoar op 29 septimber 2022

Underwerp: **Sinnepark Kollumerwaard**

De ried,

heard it beried,

konstatearjend dat:

- it net goed giet mei it bioferskaat yn Nederlân;
- enerzjyearmoede in grut probleem is foar in soad ynwenners fan ús gemeente;
- yn de plannen fan sinnepark Kollumerwaard men in lege east-westopstelling foar eagen hat foar de pleatsing fan de sinnepanielen;
- yn de plannen foar it Sinnepark Kollumerwaard (hast) gjin omtinken is foar (de gearwurking mei) de ynwenners fan de omjouwing (Muntsjesyl);

yn beried nimmend dat:

- de need op it mêd fan enerzjy-earmoede eltse dei slimmer wurdt;
- yn it ramt fan de RES (Regionale Energie Strategie) it wichtich is dat bewenners aktyf belutsen wurde by (grutte) projekten op it mêd fan de enerzjytransysje en dêr ek fan meiprofitearje (bottom-up);
- de gemeente al it mooglike potinsjeel út it sinnepark helje moat foar ús ynwenners en benammen de ynwenners fan Muntsjesyl;
- in lege east-westopstelling tige min is foar it bioferskaat (A. Schotman, et al., 2021, p.7);
- it sinnepark neist in Nasjonaal Park (Natura 2000) leit;

ropt it kolleezje op:

- in plan fan oanpak te meitsjen om te soargjen dat de ynwenners fan Muntsjesyl ek substansjeel meiprofitearje fan it sinnepark Kollumerwaard;
- opsjes yn kaart te bringen op it mêd fan de opstelling fan de sinnepanielen dy't better binne foar it bioferskaat;
- te besykjen om de opstelling en hichte fan de sinnepanielen te wizigjen foar in better bioferskaat;

- in kader mei rânebetinksten op papier te setten foar takomstige oerienkomsten op it mêd fan grutte enerzjyparken;
- de gemeenteried fan boppesteande op 'e hichte te hâlden,

en giet oer ta de oarder fan de dei.

Yntsjinne troch: J.D. van der Schaaf (FNP), S!N, GBNF, BVNL, PvdA

Stimming	Foar: FNP, S!N, GBNF, BVNL, PvdA, CU, VVD, CDA (29)	Tsjin: -
Moasje oannaam		

Sa besletten troch de ried fan de gemeente Noardeast-Fryslân yn syn iepenbiere gearkomste fan 29 septimber 2022.

De ried niisneamd,
de adjunkt-griffier,

de foarsitter,

S. Kooistra

mr. J.G. Kramer